

JIERFERSLACH FRYSKE RIE FOAR HERALDYK OER IT JIER 2020

- **Leden:** mr. J.T. Anema, foarsitter; J.C. Terluin, twadde foarsitter; K.J. Bekkema, skriuwer-argivaris; R.J. Broersma, wapentekener; drs. H. Bremer, lid; P.H. van den Muijzenberg, lid, adviseur flaggen; drs. S.M. Hoekstra, lid; dr. C.J. Kuiken, korrespondearjend lid.
- **Gearkomsten:** Yn ferbân mei de koronakrisis hawwe wy dit jier mar ien kear byinoar west en wol op 22 febrewaris by de twadde foarsitter oan hûs. Us fêste plak fan gearkommen koene wy dit jier net brûke, om't ús lid Broersma siik wie.
- **Korrespondinsje:** Om't wy net byinoar komme koene gong de measte kontakt fia de e-mail. Ferskate saken kamen foarby: famyljewapens, wapens op sulver en gevelstiennen.
- **Gen. Jierboek 2020:** Dit jier binne der wer in oantal nije wapens ûntwurpen: Algra/Algra , Boersma , Harings , Kracht/Kragt , Van der Leij (Moddergat) , Ploeg. Dizze wapens binne opnommen yn de registraasje fan it Genealogysk Jierboek 2020. Twa wapens dy't tige nijsgierich binne kamen op ferskate wizen by ús te lâne: twa wapens Veenstra. Hja liken op inoar, mar hiene oare kleuren en ek it helmteken wie ferskillend. Yn it skyld stiet in kaai wêrút waaiersgewiis trije ikels op stâlen komme. It binne tinklik 19^e ieuwske wapens. De boarne is ûnbekend. Dizze twa wapens binne ek registrearre. Us lid Broersma hat yn it Jierboek in artikel skreaun oer ferskate wapens op sulver, gevelstiennen en út de wapenfiches fan dokter K.M. van der Kooi.
- **Doarpswapens:** Dit jier gjin nije doarpswapens en –flaggen. Wy hawwe in brief skreaun oan it deistich bestoer fan Noardeast Fryslân oer de ûntbrekkende doarpswapens yn de nije gemeente, mar dêr gjin andert op krigen.
- **Gemeentewapens:** Bûten ús Rie om hawwe de nije gemeenten Waadhoeke en Noardeast Fryslân gemeentewapens oannommen.
- **Oerheidsheraldyk:** Der sit noch gjin skot yn de saak.
- **Oare saken:** Om't Heraldicum Disputationes (H.D.) 25 jier bestiet, it is in Belgysk heraldysk blêd, stiet der yn it tinkboek in artikel oer ús F.R.f.H. fan de hân fan Hans van Heijningen, mei in protte illustraasjes fan ús Rie. Foar dat selde blêd hat de twadde skriuwer in artikel skreaun oer einierdewapens, wêr't hy bysûndere help hân hat fan mr. Anema, ús foarsitter. It sil yn 2021 wol ferskine.
- **Takomst:** wy hoopje yn it nije jier wer fysyk byinoar komme te kinnen.

Foarsitter: Mr. J.T. Anema

Skriuwer: K.J. Bekkema